

BESLUT

Underwerp : **Fêststelling provinsjaal ynpassingsplan Wypark Nij Hiddum-Houw**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 17 april 2018, nr. 01512999, oangeande "Vaststelling Inpassingsplan windpark Nij Hiddum-Houw".

Mei it each op

Kêsten 3.26 en 3.33 fan de Wet ruimtelijke ordening en

Kêsten 9e en 9f fan de Elektriciteitswet 1998

Oerwagende dat

- Provinsjale Steaten op 17 desimber 2014 ynstimd hawwe mei de provinsjale taakstelling fan 530,5 MW opsteld fermogen oan wynmûnen yn Fryslân yn 2020 en dêrby it projekt Kop Ôfslútdyk/ Hiddum Houw oanwiisd hawwe as lokaasje dêr't 36 MW realisearre wurde moat;
- Provinsjale Steaten op 29 juny 2016 besletten hawwe yn te stimmen mei it opstellen fan in Provinsjaal Ynpassingsplan foar in inisjatyf foar it wynpark Nij Hiddum-Houw;
- Provinsjale Steaten op 26 oktober 2016 ynstimd hawwe mei de Startnotysje Wypark Nij Hiddum-Houw en besletten hawwe de tarieding en bekendmakking fan it ynpassingsplan, lykas bedoeld yn kêst 9e fan de Elektriciteitswet 1998, foar de ûntwikkeling fan Nij Hiddum-Houw te koördinearjen troch de foar de ferwêzentliking fan it wynpark needsaaklike besluten ta te rieden en bekend te meitsjen;
- Provinsjale Steaten op 26 oktober 2016 ynstimd hawwe mei it beslút dat boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân foechhawwend gesach bliuwe foar it ferlienen fan de omjouwingsfergunnings en dat boargemaster en wethâlders fan doel binne om de omjouwingsfergunnings te ferlienen.

Beslute

1. Yn te stimmen mei de Nota fan Antwurd Sjenswizen en Advizen en Steat fan wizigings Wypark Nij Hiddum-Houw;
2. Op grûn fan kêst 6.12, twadde lid Wro gjin eksploitaasjeplan fêst te stellen;
3. It Provinsjaal Ynpassingsplan Wypark Nij Hiddum-Houw ynklusyf alle taheakken, dêrûnder it Miljeueffektrapport Nij Hiddum Houw (mei oanfolling), fêst te stellen;
4. DS op te dragen by de meidieling fan de besluten te fermelden dat op de besluten ôfdieling 2 fan haadstik 1 fan de Crisis- en herstelwet fan tapassing is, en ek dat de beropsgrûnen yn it beropsskrift opnommen wurde moatte, it berop net-ûntfanklik ferklearre wurdt, as binnen de beropstermyn gjin grûnen yntsjinne binne, en dy nei ôfrin fan de beropstermyn net mear oanfolle wurde kinne.
5. De maksimale tiphichte fan in wynturbine lykas oanjûn yn regel 3.2.1. sub d fan de Regels fan it Ynpassingsplan Nij Hiddum-Houw fêst te stellen op 188 meter.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 18 july 2018


drs. A.A.M. Brok

, foarsitter


J. Plender-Graafstra

, griffier